

# De noarm fan it Frysk en de AFUK

Hiemstra hat him beheind ta de noarmproblematyk sa't dy him yn 'e praktyk fan 'e AFUK foardocht. De AFUK hat as kursusynstitút en as útjouwer út soarte te krijen mei 'de' noarm fan it Frysk. Ut Hiemstra syn ynliding wurdt dúdlik dat by de AFUK dy problematyk benammen yn de jierren tachtich in wichtiger rol begûn te spyljen en oant no ta noch net útiten is. Hiemstra giet ek op inkelde sintrale begripen út Breuker syn proefskrift yn troch se te ferbinen mei de AFUK-praktyk. Yn dat ramt pleatst Hiemstra in stikmannich krityske kanttekenings by de útwurking troch Breuker fan de begripen 'taalnoarm', 'akseptasje' en 'draachflak'.

Sytze T. Hiemstra

## Taalnoarmkommisje

In wichtige taak fan de AFUK is om it suver brûken fan it Frysk te befoarderen. Yn de jierren '80, doe't ik AFUK-foarsitter wie, begûn de AFUK (it Learmiddelfûns) wat langer wat mear lear- en lêsboeken út te jaan, likegoed foar de eigen kursussen as foar it reguliere ûnderwiis. Benammen doe't der in útjeftebelied kaam foar oarspronklike Fryske lêsboeken en oersettings waard it noarmprobleem hieltyd mear manifest. Dat kaam om't der gjin dúdlike rjochtlinen bestiene. Dat late faak ta diskusje mei oersetters en skriuwers oer wat der al of net op troch kin yn it Frysk (in limitearringsfraach) en wat de foarkarsfoarm(en) wêze moatte soe(ne) (in hierargisearingsfraach).

Dat hat op 11 maart 1985 laat ta it ynstellen fan in (lytse) taalnoarmkommisje, besteande út fjouwer AFUK-bestjoerders en -taalkundigen, dêr't ik foarsitter fan waard; letter oanfolle mei trije taalkundigen fan de Fryske Akademy (R. de Haan, H. Sijens en K. van der Veen), Wys de Jong (MSU) en Pieter Breuker (Fr. Ynstitút). Dy kommisje moast op grûn fan in bestjoersútspraak (22 maaie 1985) besykje om te kommen ta in dúdliker en mear ienriedige taalnoarm foar it Frysk.

## Taalnoarmbeslút en taalnoarmteory

Net folle letter, op 14 juny 1985, waard troch it Algemiene Bestjoer, nei foarwurk fan de doe noch net útwreide taalnoarmgroep, it bekende taalnoarmbeslút nommen om tenei it yn 1984 ferskynde nije hânwurdboek fan de Fryske Akademy te brûken as earste grins (limyt) foar wat der foar AFUK-útjeften op troch kin yn it Frysk (sj. bgl. *De Pompeblêden*, 58, 1987, 5, s. 84).

Omdat dat op himsels gjin oplossing

joech foar alle taalnoarmproblemen by it redigearjen en korrigearjen fan learmiddels foar kursussen en skoallen, wie de niisneamde taalnoarmkommisje nedich. Mei de komst fan leden fan oare organisaasjes dy't ek Frysktalige learmiddels of wittenskiplik wurk publisearren, hope de AFUK in goed foarum te krijen foar it kodifisearingswurk, mei net allinnich in ynterne, mar mooglik ek in eksterne útstrieling. Net allinnich foar it MSU en it reguliere ûnderwiis like ús dat fan belang, mar fansels ek foar de media en de oerheid.

Fan it begjin ôf spilen yn de kommisje twa soarten kritearia of noarmen in rol. Kritearia oangeande de fraach 'wol of gjin Frysk' (útslutingsnoarmen) en kritearia oangeande de fraach 'wol of gjin Standertfrysk' (almeast: foarkarsnoarmen). Dy beide moatte net trochinoar helle wurde!

In noarmbeslút soe men op grûn fan de taalnoarmteory (bgl. Bartsch, 1978) oanmerke kinne as de grûnslach fan in 'falide' noarm. Yn dit gefal in rjochtline dy't syn legitimiteit ûntliende oan in demokratysk beslút (en in demokratyske proseduer) fan in breed gearstald bestjoer dat ôfkomstich wie út de Fryske Beweging en Fryske ûnderwiisfermiddens en dat dêr ek syn draachflak yn fûn. Of om it mei in begryp fan Breuker te sizzen: in bestjoer dat ôfkomstich wie út in mienskip dy't as (út)drager fan de noarm fan it Frysk sjoen wurde kin: de 'T1-mienskip'.

Breuker kent yn syn dissertaasje oan dy 'mienskip' macht en status ta as it om it fêststellen fan de noarm fan it Frysk giet. Macht en status dy't in oarsprong hawwe moatte. Mar dêr wol ik fierderop in kanttekening by pleatse.

De troch de AFUK stelde noarm wie net allinnich 'falide', hy waard ek 'foarskreaun' foar de eigen AFUK-aktiviteiten, bgl. foar it gearstallen fan kursusmateriaal. Ferplichte regels ('mandatory rules') binne no ienris ûn-

misber, omdat se (bgl. op in taalkundige ôfdieling of yn it ûnderwiis) tiid en wurk útsparje en misferstannen (bgl. op noarmmêd) tefoaren komme.

Fierders is it de bedoeling dat sokke noarmen (b.g. binnen in ynstelling as de AFUK) ek 'neilibbe' wurde. Dat bringt my by in tredde aspekt fan it begryp 'noarm': de noarm as praktyk. It is spytich dat Breuker yn syn dissertaasje nochal yn dat lêste noarmaspekt hingjen bliuwt. As er it hat oer in taalnoarm dan wurdt dat begryp yn haadsaak relatearre oan it taalgedrach of de kwaliteit fan dat taalgedrach.

Foar in taalnoarmdiskusje is it neffens my wichtich om dúdlik in ûnderskied te meitsjen tusken 'falide' noarmen, 'ferplichte' noarmen en 'neilibbe' noarmen. Dêrby is it ek tige fan belang om te betinken dat as falide noarmen net (faak genôch) neilibbe wurde soene (troch wa dan ek), dat net automatysk betsjut dat der dan gjin of amper 'akseptasje' is, of dat it 'draachflak' foar dy noarm (hiel) smel wêze soe. It is in ferbân dat Breuker te maklik leit.

Fierders is it bekend dat 'akseptasje' fan of 'draachflak' foar in noarm ek 'ûntstean' kin as gefolch fan stjoering en nei in died fan 'bewuste' korpus- en statusplanning (ferl. de Steatestaving yn ûnderskate domeinen, it taalnoarmbeslút fan de AFUK by lesjouwers, kursisten en gearstallers fan lesmateriaal). Benammen it aspekt fan de falide, mar (noch) net (troch grutte kloften minsken) neilibbe noarmen en de dêrmei gearhingjende statusplanning hie mear en better omtinken fertsjinne yn de dissertaasjes. Soks is nammerste mear fan belang as men fan doel is om, op grûn fan jins ûndersyk en it byld fan de werklikheid dat men dêrmei oproppe wol, normative útspraken te dwaan oer de oanpak fan bgl. de seleksje fan dialekt- en oare farianten troch organisaasjes as de AFUK of de provinsje.

Breuker liedt it 'draachflak' foar en 'akseptasje' fan in taalnoarm benammen ôf út it konkrete taal'gebrûk' (bgl. s. 95, 128, 147, 265) fan in optochte ('hy-potetyske') sosjale kategory, bgl. de s.n. t1-mienskip. Hy set dy ôf tsjin in T1-mienskip. Dy T1-mienskip brûkt, neffens Breuker, 'normearre' Frysk dat distânsje hâldt ta it Hollânsk of foarmen dy't dêrop lykje; de t1-mienskip docht

dat net en brûkt 'Frysk' mei (in protte) hollânismen. It is spitich dat Breuker him wat de noarmopfettings oanbelanget beheind hat ta in lyts part fan dy s.n. T1-mienskip, omdat er allinnich by AFUK-lesjouwers en Fryske skriuwers in enkête ôfnommen hat. Dat hâldt yn dat ek allinnich fan dy skiften in wat mear nuansarre byld fan de 'opfettings' oer de noarm en dêrmei fan de taalhâlding en de akseptasje jûn wurde kin.

De s.n. T1-populaasje sil nei alle gedachten net beheind wêze ta AFUK-lesjouwers en skriuwers. Oare learaars Frysk en oare Frysksinnigen (en dat is mear as Bewegingslju) hiene har plak dêr yn krije kinnen. De mooglike oerienkomsten en ferskillen yn opfettings oangeande de 'erkenning' fan (jildige/falide) taalnoarmen, hiene relatearre wurde kinnen oan it feitlik *taalgedrach* (taalkwaliteit) binnen *deselde* stekproef. No suggerearret Breuker in (te) direkte relaasje tusken taalgedrach en taalhâlding (ferl. û.o. s. 144, 264). Dy hâldt, wat fersepele sein, yn: as der in 'minne'/'goede' taalkwaliteit (t1/T1) is, dan is der ek in 'minne'/'goede' taalhâlding (of oarsom). En by minne taalkwaliteit/minne taalhâlding soe der neffens Breuker in lyts maatskiplik draachflak foar in falide noarm (bgl. oangeande it eliminearjen fan hollânismen en it hierargisearjen fan dialektfarianten) wêze. Krekt dat no hiene hypotezen west dy't er toetse kinnen hie by in brede populaasje.

Mei it boppesteande wol ik dúdlik meitsje dat it fan belang west hie om mei mear en oare aspekten fan it begryp taalnoarm rekken te hâlden en dy te operasjonalisearjen. Dat hie net allinnich liede kinnen ta empirysk ûndersyk nei taalpraktiken, mar ek nei *opfettings* oer de noarm by in represintative stekproef út goed ôfbeakene dielpopulaasjes fan likegoed t1- as T1-lju. Dy hiene ferlike wurde kinnen op dy fariabelen.

It hie fan belang west om de begripen 'draachflak' en 'akseptasje' teoretysk better te analysearjen (skaaimerken, kondysje(s) wêrûnder oft dy ûntsteane, ensfh.) en te definiearjen. Om koart te gean: it hie (teoretysk en metodologysk) tige fan belang west om boppeneamde sintrale (abstrakte) begripen (mear fundearre) út te wurkjen (te operasjonalisearjen) en ferbannen en ûnderstellings (hypotezen) dêr't dy (ôflate) begripen yn

foarkomme op in statistysk ferantwurde wize te toetsen. Oars wurdt it nuodlik om dochs 'wittenskiplike' útspraken dwaan te wollen oer it ferbân tusken sokke begripen en beskate noarmaspekten en dêr ek noch beliedsadvizen (bgl. oan de AFUK of de provinsje) op te basearjen.

### Standerdisearring en kursusmateriaal

It Frysk hat as 'heale' kultuertaal (noch) in protte farianten, faak dialektysk fan aard, mar net altyd. No jout dat yn it ûnderlinge petear almeast gjin swierrichheden. As men lykwols as skriuwer fan lear- en lesmateriaal in pinne op papier set, dan moat men foar de kursisten of learlingen in kar dwaan, oft men dat no aardich fynt of net. Dat docht men bewust of ûnbewust dan ek. Dy kar hat ek gauris mei al dy dûbelfoarmen (dûbletten), tripletten en kwadrupletten, ensfh. yn it Frysk te krijen. Dat ropt fragen op. Moat sa'n kar fan it tafal (fan in persoanlike noarm) en fan it frije spul fan de maatskiplike krêften ôfhingje en sille noarmen op dat mêd dan (letter) 'fansels' wol ûntstean as it maatskiplik plak fan it Frysk grutter wurdt (sa't Breuker liket te tinken) of is der (b.g. foar kursussen en regulier ûnderwiis) ek stjoering en planning nedich? En hokker foarmen fertsjinje it dan om op skrift Standertfrysk te wurden? Ik jou in pear foarbyldsjes fan karmooglikheden: (*biology*) *brims, ealje-, iel-, ilebij, meepe, waps, weeps, weps; (brekking) heare en hearre; (rekking) rôt en rot; wonder(eilân) en wûnder(eilân); rjocht en rjucht; dogeniet en dogeneat; hopeloas en hopeleas; efter en achter; kerl, kerrel en koarel; guon(t) en guodden; guod(s), guodden(s), guodzen, guonnet, guons en guont(s); werhelje en herhelje; baarne, barne en brâne; mines, minen en minent; kappe en kappe; wjirms en wjirmen; ferklearrings en ferklearringen; doaze en doas; bistke en bistje; avensearje en avenseare; wy hiene en wy hienen; hy einiget en hy einicht; alderhande, alderhanne, allerhande en allerhanne; inkele en inkelde; prinses en prinsesse; reuseftich en reusachtich; rispinge en risping; radiators en radiatoaren; masines en masinen; poerrazen en poerrazend; (elektr.) stroom en stream; muoike en tante; elts en elk; meiinoar, meiïnoar en meiïnoar; do stapte*

*en do staptest, wolst do, wolsto, wolste, wolst', wolst* ensfh, ensfh.

Op in pear nei allegearre foarmen dy't yn de wurdboeken '84/'85 te finen binne en ûnder 'normearre' Frysk falle kinne soene, mar Standertfrysk heart neffens my wat oars te wêzen.

Sokke standerdisearringsfragen liede almeast ta hierargisearrings- of foarkarsfoarmen. Se komme út by in taalnoarm foar it Frysk as *kultuertaal*, dus by it Standertfrysk. Moat ditsoarte fan taalplanning, kodifikaasje of standerdisaasje fan in taalkorpus no sa nedich, ek yn Fryslân? Hoe moat men soks legitimearje?

### Legitimearring

Taalplanning lykas boppe hat neffens my benammen te krijen mei útgongspunten op:

1. it *taalideologyske* mêd. As men fan betinken is dat it Frysk him fierder ûntwikkelje moat fan in folkstaal nei in kultuertaal dy't yn gâns maatskiplike domeinen (gâns) mear brûkt wurde kin en moat, dan sil men net maklik foar standerdisearringsprosedures en it ymplementearjen fan in mear folwoeksen standert wei kinne (sj. ek Haugen, 1987). Myn ideologyske posysje dêryn is dúdlik: ik fyn dat soks dien wurde moat en dat wy ús dêrby net hoege te skamjen foar distânsjemotiven (krekt oarsom!). Dy komme boppedat perfoarst net allinne by ús eigen bedrige minderheidstaal foar.

Ik haw dêr yn it ferline - dat mei út myn ferhaal oer de AFUK bliken dwaan - inisjativen ta nommen. Sok sribjen is net nij, it begjint al by de Jongfriezen en set him oant op in hichte troch by ynstellings as de AFUK, de Fryske Akademy en it provinsjaal bestjoer (ferl. ek s. 234).

Ut Breuker syn eardere opstelling yn de taalnoarmkommisje en no wer út stelling 3 ('der is ûnfoldwaande reden om it proses fan dialektseleksje te ferhaastgjen, net yn 'e sprektal, mar ek net yn 'e skriuwtal') docht bliken dat er net folle foar dialektseleksje fielt. Dy opfetting hie Breuker hiel wat jierren lyn ek al. Ik haw it idee dat syn dissertaasje dy opfetting efterôf fundearje moatten hat. Breuker komt dêr neffens my wittenskiplik sjoen net

ferfolch op side 78

út (sj. ek boppe by de begripen 'taalnoarm', 'taalhâlding', 'taalgedrach', 'draachflak' en 'akseptaasje'). Syn (en myn) opfetting(s) draacht (drage) dan ek noch primêr in ideologysk karakter (folkstaal- resp. kultuertaal-ideology).

2. it *ûnderwiiskundige* mêd. Breuker achtet it farianteprobleem gjin grut didaktysk probleem (s. 101). No hoege wy net te tsieren oer grut of lyts, mar it is wol in ûnderwiiskundich probleem dat wy net bagatellisearje moatte. Alle kultuertalen hawwe dat probleem oplosse moatten en dat kin net sûnder stjoering fan de lesboekjetaal. Men komt it allegeduerigen wer tsjin op jins learwei troch it Frysk. Dat begjnt al by de kursus foar NF I by de AFUK en it einiget fia de learogongen A, B en C by de Akte en it didaktysk foech. Dat jildt likegoed foar it lê- en learmateriaal foar basis- skoalle, basisfoarming en wat dêrnei komt.

Learpsychologen witte dat it better is om ien foarm faker tsjin te kommen as ferskillende foarmen minder faak. Dy iene foarm set him no ienkear better yn it ûnthâld en kin dan ek earder produktyf brûkt wurde, bgl. op skrift. Der is earder fêstichheid en dat befoarderet it flot en effektyf hantearje kinnen fan in taal yn reguliere en spesjale ûnderwiistypen. Benammen foar struktuerwakke kursisten en learlingen mei taal- en staveringproblemen is dat tige fan belang. Foar it (tanimmend) plak fan it Frysk yn it ûnderwiis (en oare domeinen) liket my dat net ûnbelangryk.

Dat betsjut dat men yn de iene lear- of lêstekst de ynterferinsjes net sitte litte moat (as se gjin suver didaktyske funksje hawwe op dat mêd, bgl. yn ynterferinsjesleskes) en yn de oare kritekysk ferbetterje. Der moat dus mear *ienheid*, *kontinûiteit* en *ôfstimming* komme yn it taalwinningsproses dat kursisten/learlingen trochmeitsje moatte. Utjouwers en produsinten fan lear- en lêboeken dy't (ek) yn it ûnderwiis brûkt wurde (kinne), hâlde der yn Fryslân wat dat oanbelanget (noch) hiel ferskillende útjeftepraktiken op nei. Sa kin der bgl. by it MSU (mei troch it ûntbrekken fan goede

řjòchtlinen en goede korrektors) noch folle mear op troch as by de AFUK, benammen as it om ynterferinsjes en staveringsflaters giet.

It tekoart oan eliminearring, hierargisearring en standerdisearring hâldt ek foar foarbylden fan taalfarianten lykas ik boppe al neamd haw.

Dêr komt by dat grutte(re) ferskillen tusken foarmen dy't ta ien kategory hearre (op skrift) faak better útinoar te hâlden en te hantearjen binne as lytse(re) of gjin ferskillen (systeemskieding). It is neffens my dêrom net allinnich ideologysk, mar ek ûnderwiiskundich fan belang om (safolle mooglik) *distânsje* mei hollânismen en foarmen dy't dêr op lykje, yn acht te nimmen.

In goed útgongspunt foar de oplossing fan sokke noarmfraachstikken achtsje ik noch altyd de alve 'Algemiene oanwizings oer de taalnoarm foar it skriftlik taalgebrûk yn it Frysk' fan de hân fan K. van der Veen en G. Jelsma út 1989, dy't ek troch saakkundigen fan bûten de taalnoarmkommisje becommentariearre binne.

In goed útgongspunt foar de kodifisearring fan farianten dy't men dêr net mei fangt, achtsje ik ek de list mei fariantetypen dy't K. van der Veen op grûn fan in stekproef út de wurdskat fan it hânwurdbok gearstald hie. Dy list hat yn 1988 yn de taalnoarmkommisje laat ta it fêststellen fan in noarm foar 80 % fan de gefallen en dêrnei is de saak spitiger-nôch fêstrûn. Ien en oar hat noch wol in stik oplevere mei de titel 'Foarkarsregels foar it skriftlik wurdgebrûk yn it Frysk'. In oanset ta in fierdere normearing fan it skriftlik Frysk taalgebrûk'. Foar eigen stúdzjedoelen haw ik dy farianten noch fierder normatyf útwurke (hierargisearre).

### Maatskiplike kontekst en kursussen

Breuker stelt yn syn proefskrift dat de AFUK samar, los fan de maatskiplike kontekst en los fan de (sosjale en psychologyske) akseptaasje fan de kursisten, syn taalnoarm kiest (s. 110). En yn in petear mei Fedde Ypma yn it Friesch Dagblad (31-3-1993) draacht Breuker dy opfetting mei safolle wurden wer út. Hy konkludearret dat it stribjen fan dy orga-

nisaasje te fier ôf stiet fan de 'sosjaal-psychologyske realiteit'. Yn Breuker syn wurden: 'Ik haw der wol begryp foar - je moatte miskien ek wol ekstremen hawwe -, mar it stribjen stiet fierste fier los fan de sosjaal-psychologyske realiteit'. Dat kin ymplisyt neffens my net oars betsjutte as dat de AFUK syn noarmen mar oanpasse moatte soe oan de troch Breuker ûnderstelde realiteit.

As Breuker gelyk hawwe soe, soe de AFUK op syn kursussen en lesmateriaal fan de ûnderskate kursisten dochs in protte kritekysk krije moatte op dat punt. Dat soe dan ek blike moatte út de evaluaasjeformulieren, dy't de kursisten de lêste jierren ynfolje moatte en dêr't se û.o. har oardiel oer de kwaliteit fan de kursus, fan de ynhâld en fan it materiaal yn kwyt kinne en ek oare winsken en kritekysk kenber meitsje kinne. Ut dat evaluaasje-ûndersyk docht lykwols hielendal net bliken dat der in tekoart is oan akseptaasje fan de taalnoarm dy't hantearre wurdt yn it materiaal en troch de lesjouwers.

Krekt oarsom, út it AFUK-evaluaasje-ûndersyk docht bliken dat de kursussen goed oan de ferwachtings foldogge, dat de tapassingsmooglikheden yn de wen- of wurksituasje goed binne en dat it kursusmateriaal foar benammen de Frysktaligen posityf beoardiele wurdt.

Ik tink dat Breuker him fersint as er tinkt dat der ûnder de minsken gjin akseptaasje fan in Fryske kultuerstandert wêze soe. Annemarie Jorritsma-Lebbink hat dat goed oanfield doe't se yn de Ljouwerter Krante oer it sichtber meitsjen fan it Frysk yn it taalbelied skreau: 'De minsken wolle dan fansels wol geef Frysk lêze en net ôfskipe wurde mei in griemman fan heal-Frysk en heal-Hollânsk. En ek al kinne de minsken sels net altyd geef Frysk, sy kinne it wol lêze. Minsken fine it fanselssprekkend, dat de skriftlike taal better is as har eigen mûnlinge taal. Dat is yn it Nederlânsk en it Ingelsk ek sa. Trochdat de minsken faker geef Frysk te lêzen krije, wurdt it eigen taalgebrûk ek better' (6-5-1993).

Ik soe dêr oan taheakje wolle: om geef Frysk lêze te kinnen, moatte der wol minsken wêze dy't dat earst yn geef Frysk of Standertfrysk opskriuwe kinne. Dêr binne, tinkt my, de AFUK-kursussen û.o. foar. In eventuele aksep-

taasjekleau bestiet, sa liket it my ta, mear yn it tinken fan Breuker as yn de realiteit.

## Twa taalmienskippen?

Hoe komt Breuker no oan it byld, dêr't er sokke normative konklúzjes oan ferbine wol?

Dat komt neffens my omdat er te maklik in T1-mienskip postulearret dy't min-Frysk en dialekt praat en dus in ôfwikende taalnoarm hat (yn de foarm fan de 'noarm as praktyk'). Boppe haw ik oan-nimlik besocht te meitsjen dat soks hielendal net betsjut dat se har noarm ek 'falide' fine. Neffens my wurdt ek te maklik in T1-mienskip fan bewegers en ûnderwiislju konstruearre dy't distânsje hâldt mei hollânismen (en wat dêr op liket) en minder dialektarianten brûkt. Breuker stelt dy tefolle as teze en anty-teze foarinoar oer en lit te min romte foar osmoaze (oergongen dy't de grins dêrtusken fleksibel meitsje, s. 144). Nei de dialektyske konstruksje fan twa tsjinoerstelde fêste kearnen leit de synteze neffens my suver foar de hân: gean der mei de noarm (ek fan de dialektseleksje) mar sa likernôch tuskenyn sitten, dan hawwe wy in bettere oansluting by de s.n. werklikheid. Ik betwifelje oft dy Hegelarij mei mienskippen en har noarm wol korrekt is.

Soene de mienskippen fan Breuker net ideaaltypen wêze, ekstremen op in glidende x-puntskaal fan minsken dy't poermin Frysk brûke oant minsken dy't poerbêst Standertfrysk brûke?

As boppedat de noarm fan de lytse T1-mienskip foarme wurdt troch in lytse ploech minsken en in stikmannich organisaasjes (ûnderwizers en bewegingsorganisaasjes), dêr't *status* en *macht* oan takend wurdt (s. 144), dan ropt dat fragen op nei de *oarsprong* fan dy status en macht. Soks hat neffens my te krijen mei de fraach nei de oarsprong fan it Fryske taalbesef. Mei it wy-gefoel dat alle Friezen, bewust of latint, eigen is. Krekt it beantwurdzjen fan dy fraach hie hiel nijsgjirrich en wichtich west. Soe it takennen fan gesach oan in noarm dochs net te krijen hawwe mei in (noch altyd en tsjin de ferdrukking yn bestaand) frij sterk taalbesef yn de Fryske mienskip? In taalbesef dat der ta bydraacht dat noarmen dy't dêrmei yn oerienstimming

binne en op falide wize ta stân kommen binne, erkend wurde? En is it net de taak fan de AFUK om by te dragen oan it omsetten dêrfan yn in praktyknoarm by syn kursisten?

## Taalhâlding en taalgedrach

Op in pear plakken yn syn boek relativearret Breuker it normatyf byld dat er opropt troch op te merken dat it net sa-sear it 'taalgebrûk' is dat beskiedend is foar it lid wêzen fan T1 of T1, mar dat de 'hâlding' foar troch it Nederlânsk beynfloede of dêrmei te identifisearjen foarmen oer beskiedend is foar de fraach ta hokker mienskip oft men heart, 'folle minder oft men as lid fan sa'n mienskip konsekwint (as dat al kinne soe) de 'goede' foarm kiest' (ferl. s. 144). Ik bin fan betinken dat dy taalhâlding dan ek feitlik ûndersocht wurde moatten hie. En wol by beide 'mienskippen'.

Dan hie Breuker mooglik de opfetting fan de AFUK-lesjouwers befestigje moatten as se neffens Breuker syn enkête as saakkundigen yn mearheid fine dat de noarm fan benammen it skreaune Frysk troch de brûkers fan it Frysk yn it algemien akseptearre wurdt (fraach 17, s. 201). Want wêrom soene de AFUK-lesjouwers har yn grutte mearheid (85 %) oan in troch treden (bgl. de Fryske Akademy) fêstleine taalnoarm hâlde wolle as se wisten dat de kursisten dat net akseptearje soene, omdat der by har gjin draachflak foar wie? Of soene de AFUK-kursisten safolle ôfwike fan de trochsneed fan de befolking dat jierrenlang allinnich by har dat draachflak bestiet? Dy bewizen hat Breuker net leverre en ik leau der ek neat fan.

It hat lykwols wat foar dat Breuker mei boppeneamde relativearring yn wêzen de 'noarm as praktyk' nei in mear ûndergeskikt plak skoot. Dat skept romte foar de earder neamde 'falide' taalnoarm fan de T1-minsken en organisaasjes. En dêrmei foar ferromming fan de begripen 'akseptasje' en 'draachflak'.

Wat is yn dat ljocht dan noch it belang fan it ûnderskieden fan 'ynterne' en 'eksterne' kritearia om oan te jaan dat los faninoar steande taalmienskippen beskiedend binne foar wat sosjaal 'goed' en 'ferkeard' is (ferl. bgl. s. 143)? En wêrom soene dan allinnich de 'ynterne' kritearia (noarmen) fan T1 safolle macht

en status besitte, dat se troch T1 erkend wurde (en oarsom net)? Dat is yndied in opmerklik ferskynsel. Soe dat dochs net wat mei it boppeneamde 'mienskiplik' taalbesef te krijen hawwe? Dat soe dan neffens my ynhâlde moatte dat der yn *hâldingsopsicht* gjin eksterne kritearium is.

Jitris, ûndersyk dat in goede ferklearring jout foar it yn 'beide groepen' besteande besef dat it 'geve Frysk' (de T1-praktyk) dochs bettere achte wurde moat as it 'minne Frysk' (de T1-praktyk), hie ús kennis en ynsjoch grif tige ferdjippe. En miskien tagelyk it wûnder ferklearje kinne dat tsjin alle ferdrukking yn it Frysk hjoed de dei noch altyd bestiet.

Breuker hat in proefskrift skreaun yn in taal dy't tichte leit by wat ik ferstean ûnder Standertfrysk en oer in wichtich en tige nijsgjirrich ûnderwerp. Dat op himsels al moat wurdearre wurde en is in lokwinsk wurdich. In tal wêzentlike noarmfraachstikken binne nei myn idee lizzen bleaun of ûnfoldwaande útwurke. Hawwe wy der wat oan foar it ferklearjen fan de oarsprong fan it Fryske taal- en taalnoarmbesef? Hawwe de AFUK en de provinsje der wat oan mei it each op in fierdere kultuertaalplanning? Dat oardiël moat eltse lêzer nei it lêzen sels mar jaan.

## Bibliografy

1. Bartsch, R., *Norms of Language, Theoretical and Practical Aspects*, London/New York: Longman, 1987.
2. Haugen, E., *Blessings of Babel. Bilingualism and Language Planning*, Berlin/New York/Amsterdam: Mouton de Gruyter, 1987.
3. Hiemstra, S.T., 'Noarm en learmiddels folwoeksene-ûnderwiis', *De Pompeblêden*, 58 (1987) 5, 82-84 (op s. 84 stiet it taalnoarmbeslút fan de AFUK fan 14-6-1985).
4. Veen, K. van der & G. Jelsma, *Algemene oanwizings oer de taalnoarm foar it skriftlik taalgebrûk yn it Frysk*, 1989 (ynterne publikaasje foar de taalnoarmkommisje).
5. 'Beliedsplan AFUK', maart 1991.
6. 'Foarkarsregels foar it skriftlik wurdgebrûk yn it Frysk. In oanset ta in fierdere normearring fan it skriftlik Frysk taalgebrûk' (yntern AFUK-stik nû. 200488-09).